



FREED 2 OKTOBER
JIERGEARKOMSTE

Fierdere Program 2020-2021

ûnder foarbehâld y.f.m. Corona;

Snein 3 jannewaris 2021 - Nijjerssit

Mei muzyk fan El Jackson (lokaasje folget noch)

Sneon 13 maart 2021 yn MFA Holwerd:

WAT SOESTO! Productie van Pier 21

Mei de spylers Freak Smink en Klaasje Postma.

Sjoch foar mear ynformaasje op ús webside
www.itnutferwert-hegebeintum.nl



Wat is súnens?

En hoe kinne we fitter wurde?

Wat is de rol fan it sporten?

Dirk Jelke is Ferwerter en altyd dwaande om minsken yn beweging te bringen. Wêrom is dat no sa wichtich, seker yn dizze tiid? As personal trainer, fitness trainer yn de sportskoalle en as fuotbaltrainer hat Dirk Jelke altyd mei de súnens fan minsken te meitsjen.

Wat is no de beste wize om dit oan te pakken en hoe kinne we seker yn dizze tiid oan ús súnens wurkje.

Jelle B is in foarbyld fan hoe't sporten in oare draai oan je libben jaan kin. Fan muzikant oant ûnderwizer en hurdrinner. Hoe hat it sporten him feroare? Jelle sil de gitaar meinimme en nimt jimme mei yn syn ferhaal. In ynspiraasje foar elts hoe't je je libben hielendal omgoaie kinne en hoe wichtich sporten wêze kin.

Jiergearkomste

Freed 2 oktober 20.00 oere yn de skoalle obs Op 'e Trije Ferwert



Wurklist jiergearkomste:

1. Iepening en meidielings
2. Notulen
3. Ferlach ponghâlder
4. Ferlach kaskommisje
5. Jierferslach
6. Bestjoerswiksel:
Ineke en Frederike nimme ôfskied fan ús.
Theo v.d. Velde en Doete Jouta binne ree fûn om yn it bestjoer plak te nimmen
7. Winsken, ideeën, foarstellen foar it nije jier 2021-2022
8. Omfreegjen
9. Ofsluting
Skoft.

Nei it skoft hawwe wy as gastsprekkers Dirk Jelke de Boer en Jelle B.

Neisit yn skoalle mei in drankje. **Graach kontant betelje.**

Oant freed 2 oktober yn de hal fan skoalle op 'e Trije.

Yn ferbân mei de Corona rigels graach foarôf opjaan en ek jo tillefoannûmer trochjaan oan: janneke.heslinga@hotmail.com

Bliuw thús by in (bytsje) ferkâldheidsklachten!

Taheakke de kontribúsje kaart foar 2020-2021.

It bestjoer
Frederike, Ineke, Albert, Janneke en Anja